

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 30 maart 2019**, de middeis om 13.30 oere yn restaurant Wouters, Sophialaan 5, 8911 AE Ljouwert (foar it stasjon oer). Seal iepen om ien oere.

Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazjes Zaailand en de Klanderij en op it P+R parkearplak Wynhorststrjitte efter it stasjon,

Wurklist, notulist: **Sjoerd de Boer**

1. Iepenjen,
2. Meidielings en ynkommen stikken.
3. **Ferslaggen** fan 1 desimber 2018 (foar kundskip), 5 jannewaris en 2 febrewaris 2019 (om fêst te stellen, 3 bylagen)
4. **Nije notulisten** foar it kommende ferieningsjier
5. **Fraach fan Liskje Flapper** oer Fryske boerinnen (bylage)
6. **Jeppemastate en weeshûs Tjallingastate**, troch: **Titia Jippes-de Boer** (hjr njonken)
7. **Skoft**
8. **Twadde helte fan de lêzing**
9. **Omfreegjen**
10. **Sluten**

Data 2019/'20: **21 septimber** (mienskiplik reiske mei NGV), **12 oktober**, **2 novimber** en **30 novimber** (jierboek), **4 jannewaris**, **1 febrewaris**, **30 maart** (mei NGV) en **4 april 2020**.

Oant 30 maart, Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Jeppemastate en weeshûs Tjallingastate

Twa ferhalen út de skiednis fan Westernijtsjerk by Marrum.

Troch: **Titia Jippes-de Boer**

It adelike hûs Jeppema stie ea njonken de tsjerke fan Nijtsjerk by Marrum. De skiednis fan de state en fan de bewenners komme dizze middei oan 'e oarder. De famyljes Jeppema, Unema, Roorda en Grovestins hawwe eigner fan de state west.

Ek yn Westernijtsjerk stiet de pleats Tjallingastate. Yn 1541 bepaalden de eigners Kinsck fan Ropta en Sioerdt fan Andla dat hjir wezen opfongen

wurde soenen. De opfolgjende pachters fan de pleats krigen fan doe ôf ek de soarch oer in tal wezen. Dit duorre oant 1877, doe 't de weze-opfang nei Huzum oergie. De pleats Tjallingastate is noch altyd eigendom fan de stifting Tjallinga Weeshuis.



Titia Jippes-de Boer (Stiens, 1967) is oplat as fiskaal jurist en hâldt har út ynteresse dwaande mei (lokale) skiednis. Se wennet op in pleats by Westernijtsjerk en is mei-eigner fan in ikkerboubedriuw. As frijwilliger is se aktyf yn ferskate funksjes. Fan har hân binne it boekje 'De historie van Jeppemastate en de kerk fan Westernijtsjerk' (2018) en 'De Friese familie Jippes' (2017).

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!

Tagong fergees